

[REDACTED] J
[REDACTED] J

inkeld ferstjoerd mei de e-mail nei:

[REDACTED] J

Ljouwert, 13 maart 2026

Ferstjoerd, **13 MAART 2026**

Ús merkteken : 02481051
Domein/ Team : Domein Tsjinstferliening/ team Publyksplein
Opsteld troch : Woo-jurist / (058) 292 59 25 of woo@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) : Ynventarislist

Ûnderwerp : Beslút op jo Woo-fersyk mei saaknûmer PF-2026/ 297556

Achte [REDACTED] J

Op 5 jannewaris 2026 krigen wy jo fersyk op grûn fan de Wet open overheid (Woo). Dêryn freegje jo om it iepenbier meitsjen fan alle stikken en ynformaasje dy 't ferbân hâlde mei de ynfiering fan twatalige ferkearsbuorden yn Fryslân yn it algemien, dêrûnder begrepen de beslútfoarming en ôfwagingen oangeande de taalfolchoarder, yn it bysûnder it beslút om it Nederlânsk boppe-oan te setten. Wy hawwe jo fersyk registrearre ûnder saaknûmer PF-2026/ 297556. Nei oanlieding fan jo fersyk krije jo dit beslút.

Jo fersyk

Wy hawwe jo fersyk hjirûnder yn kursive letters opnommen:

“It giet ús om alle stikken en ynformaasje dy't ferbân hâlde mei de ynfiering fan twatalige ferkearsbuorden yn Fryslân yn it algemien, dêrûnder begrepen de beslútfoarming en ôfwegingen oangeande de taalfolchoarder, yn it bysûnder it beslút om it Nederlânsk boppe-oan te setten.

Wy ûntfange dêrom graach ynformaasje oer ûnder oaren:

- *de ynterne ôfstimming binnen it amtlik en polityk apparaat fan de provinsje;*
- *de eksterne ôfstimming mei oare oerheden, lykas gemeenten, it wetterskip en de ryksoerheid;*
- *ferstrekke opdrachtomscriuwings oan treden, lykas bygelyks ferkearskundigen of advysburo's;*
- *de ynformaasje dy't jo al of net dield hawwe mei politike partijen.*



Dizze opsomming is net limitatyf. As jo oare dokuminten of ynformaasje beskikke dy't hjirnei ferbân hâlde, ûntfange wy dy ek graach."

Kwalifikaasje fan jo fersyk

Op grûn fan kêst 4.1 lid 1 Woo kin elkenien in fersyk om publike ynformaasje rjochtsje oan in bestjoersorgaan of in ûnder ferantwurdlikheid fan in bestjoersorgaan wurksume ynstelling, tsjinst of bedriuw. Yn it lêste gefal beslút it ferantwurdlike bestjoersorgaan op it fersyk.

Op grûn fan kêst 4.1 lid 4 Woo jout de fersiker by syn fersyk oan oer hokker oangelegenheid of dokumint dat op dy oangelegenheid slacht, hy ynformaasje krije wol.

Yn jo fersyk freegje jo om ynformaasje oer de ynfiering fan twatalige ferkearsbuorden dêrûnder begrepen de ôfwaging en beslútfoarming oer de taalfolchoarder, yn it bysûnder it beslút om de Nederlânske taal boppe-oan te setten. Jo fersyk sjocht dêrom op in dúdlike saak. Wy kwalifisearje jo fersyk dêrom as in fersyk lykas bedoeld yn kêst 4.1, paragrafen 1 en 4 fan de Woo.

Draachwiidte fan it fersyk

De draachwiidte fan in fersyk wurdt oan 'e iene kant bepaald troch de oangelegenheid dêr't it fersyk op sjocht en oan 'e oare kant troch de datum fan ûntfangst fan it fersyk.

Jo fersyk is op 5 jannewaris 2026 by ús binnenkaam en jo freegje om ynformaasje oer de ynfiering fan twatalige ferkearsbuorden, dêrûnder begrepen de ôfwaging en beslútfoarming oer de taalfolchoarder, yn it bysûnder it beslút om de Nederlânske taal boppe-oan te setten. Dit betsjut dat ynformaasje oer dizze oangelegenheid, dy't wy op 5 jannewaris 2026 yn dokuminten ûnder ús hawwe, binnen de draachwiidte fan jo fersyk falt.

Hoe hawwe wy socht en wat is fûn?

Nei oanlieding fan jo fersyk hawwe wy by de folgjende teams neifrege oft wy oer ynformaasje beskikke dy't binnen de omfang fan jo fersyk falt: Juridyske saken en Ynkeap, Kabinet kommissaris fan'e Kening, team Mobiliteit, team Advys en Stipe Besjoerssaken en team Taal en Leefberens.

Dit hat 101 dokuminten opsmitten mei ynformaasje dy't binnen de draachwiidte fan jo fersyk falt. Yn dizze dokuminten is ek ynformaasje oantroffen dy't oer oare ûnderwerpen giet. By dit beslút is allinnich ynformaasje belutsen dy't binnen de draachwiidte fan jo fersyk falt. Foar safier ynformaasje oantroffen is dy't dêr net binnen falt, is dit fuortlakt mei de oantsjutting 'T'.

Beslút

Oan jo fersyk wurdt, mei achtslaan op haadstik 5 Woo, temjitte kaam. Dit betsjut dat wy de troch jo frege publike ynformaasje, foar safier't wy dêroer beskikke en dy't binnen de draachwiidte fan jo fersyk falt, foar in part foar elk iepenbier meitsje (kêst 4.1. lid 7 Woo). Hoe't wy ta dit beslút kaam binne, lizze wy út ûnder it kopke 'Taljochting op ús beslút'.

Taljochting op ús beslút

Elkenien kin in fersyk om publike ynformaasje rjochtsje oan in bestjoersorgaan. Oan dit fersyk wurdt temjitte kaam of it moat sa wêze dat der sprake is fan in útsûnderingsgrûn wêrtroch wy



de ynformaasje net iepenbier meitsje kinne of wêrtroch wy fine dat wy de ynformaasje net iepenbier meitsje kinne.

De útsûnderingsgrûnen wurde neamd yn kêst 5.1 en 5.2 Woo. Kêst 5.1 Woo makket dêrby ûnderskied yn absolute en relative útsûnderingsgrûnen. As in absolute útsûnderingsgrûn fan tapassing is, dan kinne wy de ynformaasje net iepenbier meitsje (kêst 5.1 lid 1 Woo). As in relative útsûnderingsgrûn fan tapassing is, dan moatte wy motivearje wêrom wy oan it mei de útsûnderingsgrûn te beskermjen belang in swierder gewicht takenne as oan it algemien belang fan iepenbierheid (kêst 5.1 lid 2 Woo).

Yn it ûndersteande wurdt útlein wêrom't hokker útsûnderingsgrûn tapast is.

Persoansgegevens lykas bedoeld yn kêst 5.1 lid 2 sub e Woo

Op grûn fan kêst 5.1 lid 2 oanhel en ûnder e fan de Woo kinne wy gjin ynformaasje iepenbier meitsje at dit de persoanlike libbenssfear skea docht en dit belang swierder waacht as it belang fan iepenbierheid. It giet om persoansgegevens dy't (yn)direkt werom te lieden binne nei in persoan, lykas nammen, telefoannûmers, bankrekkennûmers, hantekeningen, e-mailadressen ensfh.


Yn de dokuminten binne nammen oantroffen fan persoanen, wêrûnder begrepen nammen fan amtners dy't net fanwegen harren funksje yn de iepenbierheid trede. Ek binne der funksjetitels oantroffen fan unike funksjes. Dizze funksjetitels, nammen, trochkiesnûmers, e-mailadressen binne fuortlakt omdat it mooglik is dat dy gegevens werom te lieden binne nei persoanen. Wy binne fan betinken dat oangeande dy gegevens it belang fan earbiediging fan de persoanlike libbenssfear swierder wege moat as it belang fan iepenbierheid fan dizze gegevens. Dêrom meitsje wy dizze gegevens net iepenbier en binne dizze persoansgegevens fuortlakt út de dokuminten. Dêrby nimme wy yn ús oerwaging mei dat de fuortlakte persoansgegevens net needsaaklik binne foar de beoardieling fan de iepenbier te meitsjen ynformaasje.

Dêr wêr't yn dokuminten dizze ynformaasje fuortlakt is, wurdt dit oanjûn mei de oantsjutting 'J'. Op de ynventarislist is dit oanjûn mei de oantsjutting 5.1.2e.

It goed funksjonearjen fan de Steat, oare publykrechtlike lichems of bestjoersorganen (kêst 5.1 lid 2 sub i Woo)

Yn dokumint 79 binne e-mailadressen fuortlakt. Ien fan dizze e-mailadressen is bedoeld foar ynterne kommunikaasje. Dit e-mailadres is net bedoeld foar algemien gebrûk en soe, as it iepenbier makke wurdt, ta gefolch hawwe kinne dat it foar oare doelen brûkt wurdt as wêrfoar't dit e-mailadres bedoeld is. Dit hinderet de wurking fan dit e-mailadres en dêrmei it goed funksjonearjen fan ús as bestjoersorgaan. Dizze ynformaasje wurdt dêrom fuortlakt. Dêrby nimme wy yn ús oerwaging mei dat de fuortlakte ynformaasje net needsaaklik is foar de beoardieling fan de ynformaasje dy't frege wurdt.

Dêr wêr't dizze ynformaasje fuortlakt is, is dit yn de dokuminten oanjûn mei de oantsjutting 'N'. Op de ynventarislist is dit oanjûn mei de oantsjutting 5.1.2i.



Ônevenredige beneidieling (kêst 5.1 lid 5 Woo)

Op grûn fan kêst 5.1 lid 5 Woo kinne wy gjin ynformaasje iepenbier meitsje as it iepenbier meitsjen in ônevenredige beneidieling tabringt oan in oar belang as neamd yn it earste of twadde lid fan kêst 5.1 Woo en it algemien belang fan iepenbierheid net opwaacht tsjin dy beneidieling.

Yn dokumint 64 binne e-mailadressen fuortlakt. Dit binne e-mailadressen dy't net as kontaktmooglikheid by de gemeenten sels op de webside stean en dêrom net foar iepenbier gebrûk bedoeld binne. Iepenbier meitsje op dizze wize kin der ta liede dat de e-mailadressen foar in oar doel brûkt wurde as dêr't hja foar ynsteld binne. Dit kin de belutsen organisaasjes ônevenredich beneidiele. De e-mailadressen binne dêrom fuortlakt. Dêrby nimme wy yn ús oerwaging mei dat de fuortlakte adressen net needsaaklik binne foar de beoardieling fan de ynformaasje dy't frege wurdt.

Dêr wêr't dizze ynformaasje fuortlakt is, is dit yn de dokuminten oanjûn mei de oantsjutting 'P'. Op de ynventarislist is dit oanjûn mei de oantsjutting 5.1.5.

Sjenswizen tredde-belanghawwenden

Dit beslút rekket ek de belangen fan oaren as de provinsje Fryslân. It giet dan bygelyks om oare belutsen partijen, dit binne tredde-belanghawwenden. Dizze tredde-belanghawwenden hawwe wy ynformearre oer de ynhâld fan jo Woo-fersyk en ús foarnimmen om de frege ynformaasje foar in part iepenbier te meitsjen. Dêrop koene hja in reaksje (sjenswize) nei foaren bringen.

In tal tredde-belanghawwenden hat net reagearre, in tal tredde-belanghawwenden hat oanjûn gjin beswier te hawwen om de ynformaasje foar elkenien iepenbier te meitsjen lykas wy dat no dogge en in tal tredde-belanghawwenden hat ynhâldlik in sjenswize jûn.

Ien sjenswize seach, ûnder ferwizing nei kêst 5.1 lid 2 sub e Woo, op it fuortlakken fan funksjenammen dy't unyk binne. Lykas oanjûn by de persoanlike libbenssfear binne wy fan betinken dat dat it mooglik makket dy gegevens werom te liden nei persoanen.

Om de belutsen persoanlike libbenssfear te beskermjen geane wy mei yn de sjenswize en is de funksjetitel nei oanlieding fan de sjenswize dochs fuortlakt op grûn fan kêst 5.1 lid 2 sub e Woo. Dêrby ferwize wy ek nei ús earder jûne oerwagingen ûnder it kopke "*Persoansgegevens lykas bedoeld yn kêst 5.1 lid 2 sub e Woo*".

Twa sjenswizen seagen op by fersin net fuortlakte inisjalen, in telefoannûmer en in namme fan in meiwurker bûten ús organisaasje. Om't it hjir net giet om persoanen dy't fanwegen harren funksje yn de iepenbierheid trede, hawwe wy de sjenswize oernaam en dizze ynformaasje dochs fuortlakt op grûn fan kêst 5.1 lid 2 sub e Woo.

Dêrby ferwize wy ek nei ús earder oanjûne oerwagingen ûnder it kopke "*Persoansgegevens lykas bedoeld yn kêst 5.1 lid 2 sub e Woo*".

Ien sjenswize seach op it feit dat ynformaasje oer in oare oangelegenheid noch sichtber wie yn de dokuminten. Lykas oanjûn ûnder it kopke "*Hoe hawwe wy socht en wat hawwe wy fûn*" wurdt ynformaasje dy't net binnen de draachwiidte fan jo fersyk falt net meiwage yn dit beslút.



De oanjûne ynformaasje is beoardiele en falt net binnen de draachwiidte fan jo fersyk. Dizze ynformaasje is dêrom ek mei de oantsjutting 'T' fuortlakt.

Ien sjenswize seach op finansjele gegevens dy't mooglik de finansjele belangen fan in bestjoersorgaan skea dwaan kinne. De oantroffen finansjele gegevens komme fan, en slagge op, ús provinsje.

Nei oanlieding fan de sjenswize is beoardiele oft de ynformaasje dochs fuortlakt wurde moat. Wy binne fan betinken dat dit net hoecht. De gegevens binne foar in part al iepenbier makke mei in earder Woo-beslút (<https://open.fryslan.frl/woo-verzoek-over-de-kosten-voor-tweetalige-verkeersborden>) en foar in part te finen op side 40 fan de Taalnota 2025-2028 Fansels Frysk, te finen ûnderoan de webside <https://www.fryslan.frl/taalnota-fansels-frysk-2025-2028>. Dit betsjut dat wy dizze sjenswize net oernimme kinne, om't de oantroffen ynformaasje al iepenbier is.

Wize fan foarsjen, iepenbier meitsjen en publikaasje

De dokuminten dy't (foar in part) iepenbier wurde, wurde tegearre mei in anonimisearre ôfskrift fan dit beslút digitaal publisearre op de webside <https://open.fryslan.frl/> ûnder it tema: 'Verkeer'.

As service krije jo ús beslút ek mei de e-mail. Wy stelle de tredde-belanghawwenden op 'e hichte dat it anonimisearre beslút en de dokuminten dy't dêrby hearre te finen binne op ús webside.

Út namme fan it kolleezje fan Deputearre Steaten,




Teammanager Publyksplein

Beswier

Dejinge waans belang streekrjocht by dit beslút behelle is, kin tsjin dit beslút binnen seis (6) wike nei de dei fan it ferstjoeren dêrfan in beswierskrift yntsjinje by Deputearre Steaten, Postbus 20120, 8900 HM yn Ljouwert.

Yn it beswierskrift moat op syn minst stean:

- de namme en it adres fan de yntsjinner;
- de deitekening (datum fan opstellen fan it beswierskrift);
- in omskriuwing fan it beslút dêr't it beswier op rjochte is en by foarkar mei it neamen fan it *skaaimerke* fan it beslút;
- de grûnen fan it beswier (wêrom is de yntsjinner it net iens mei it beslút);
- de hantekening fan de yntsjinner.



Troch it yntsjinjen fan in beswierskrift skoot de wurking fan dit beslút net op. De yntsjinner fan in beswierskrift kin, as it fuortendaliks moat, in foarriedige foarsjenning freegje by de foarsjenningerjochter fan de rjochtbank Noord-Nederland, Afdeling Bestuursrecht, Postbus 150, 9700 AD yn Grins. Oan in fersyk om in foarriedige foarsjenning binne wol kosten (griffyrjocht) ferbûn.

Mear ynformaasje oer de beswierskrifteproseduere fine jo op www.fryslan.nl ûnder Contact > contactpagina > Bezwaren en klachten, of jo kinne belje mei it sekretariaat fan de beswierskriftekommisje fia it Klantekontaktsintrum: tel. (058) 292 59 25.

Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

J Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen